

## **Krúspuntgearkomste 21 april 2018, Akkrum**

Taspraak Lútsen Kooistra, foarsitter YKFE

---

Bêste minsken

It is my in ear om as nije foarsitter fan de YKFE wat te sizzen oer ús wurk de ôfroune tiid. Dat giet oer it oersetten fan de bibel.

Wa't oer in nije bibeloersetting praat, makket hiel wat los. Op dit mêd bestean hiel wat mienings, opfettings, wissichheden en ûnwissichheden. En lang net altyd is it petear oer in bibeloersetting aardich fan toan. De ien sprekt fol passy oer bibeloersetting A en in oar kin hast gjin wurden fine om de neidielen fan oersetting A te beneamen. Yn in wat rêstiger petear kin men al ridlik gau fan elkoar oan de weet komme wat de eftergron is fan de passy en fan it ôkreakjen. Dan giet it oer de oersettersprinsipes en bygelyks oer de doelgroep. Wa't kiest foar in oersetting foar begjinnende bibellêzers, hat arguminten dy't net of oars jilde by in oersetting dy't har rjochtet op minsken dy't weet hawwe fan de tale Kanaäns. In resint foarbyld fan heldere en skerpe oersetprinsipes is de Bijbel in Gewone Taal, de BGT. Matthijs de Jong hat in moai boek skreaun oer dy prinsipes en de wurksumens dêrfan: Hoe vertaal je de bijbel in gewone taal?

Men kin sizze dat hoe helderder de prinsipes, hoe mear kâns op krytyk. Dat jildt ek de BGT. Ien fan prinsipes is dat fan de wurdfrekwinsje. Hoe faker in wurd brûkt wurdt, hoe 'makliker' de betsjutting. It stribjen wie sa folle mooglik bekende wurden te brûken, as ferfanging fan minder faak brûkte wurden. Faken giet it om simpele dingen: droefenis wurdt fertriet. Scheppen wurdt maken. En jubelen wurdt juichen. Yngewikkelder wurdt it mei it begrip visioen – dat is dream wurden. Yn it boek Hannelingen, yn it ferhaal oer Cornelius, stiet oan't no ta dat Cornelius in visioen krige, de middeis om in oere as trije. Yn de BGT stiet dat Cornelius in dream krige, wylst er oan it bidden wie. Ien en oar past net op elkoar. In dream krije jo yn de sliep, mar Cornelius wie oan it bidden doe't er in dream krige. Hoe sit it no?

De BGT hat in wurdskat fan in lytse 4000 wurden; de NBV fan 11.000. Dat is in grut ferskil. En de BGT docht nochal wat oan eksegeze as basis foar de oersetting. Yngewikkelde sinnen, bygelyks fan Paulus, wurde dúdlik yn betsjutting. Minsken sizze dat hja yn de BGT dingen snappe dy't hja oant dan net begripe koene. De kleare taal fan deistige wurden en de koarte sinnen meitsje de tekst dúdlik.

Lange tiid hat it moade west om te sizzen dat oersetten oan teology foarôf giet. Ear't it NBG mei de NBV úteinsette, wiene der wakker diskusjes oer ien en oar. Elts hie doe al witte kinnen dat oersetten, téology en ek filosofy ferboun binne. De skiednis fan de bibeloersettingen fan benammen de achttjinde en njoggentjinde iuw lit dat moai sjen. Yn dy tiid kaam wittenskiplik ûndersyk nei Easterse talen en nei 'frjemde folken,' dy't in heechsteande moraliteit hawwe sûnder dat se de God fan de bibel kenne. De Grykse en Romeinske literatuer waard bestudearre en it kritysk ûndersyk fan de bibel as histoarysk boek kaam lang en let op gong. Modern-luthersen, remonstranten en oare groepen setten Dútse of Ingelske teksten oer dy't yngongen tsjin de grifformearde formuleringen fan 1637. Der ûntstiene spanningen tusken de ferskate stromingen binnen de tsjerken. It behâldende diel makke har wakker drok oer de oanfallen op it âlde, fertroude. Mar men seach ek de needsaak om tsjin alle nijmoadigerheden wat oars te bieden: in bibel dy't trou bliuwde oan de Statenvertaling en tagelyk better begrepen wurde soe. Sa kaam de gedachte op fan in nije bibeloersetting. Ferskate minsken hawwe besocht de nije tiid yn de mjitte te kommen, bygelyks de Amsterdamse dûmnys Van Nuys Klinkenberg en Nahuys. Hja woene in bibel útjaan 'door beknopte uitbreidingen en ophelderende aenmerkingen verklaard'. Tusken 1780 en 1795 ferskynden er 27 dielen. Ardich om hjir te sjen hoe't net by modernen, mar krekt de behâldende groepen stribben nei it better begripen fan de hast hillige tekst fan de Steate-oersetting. Letter, yn de njoggentjinde ieu kamen de modernen mei initiativen. De risseltaten fan ûndersyk benammen nei it ûntstean fan de boeken fan it âlde testamint makken dat eins net ien oersetting noch te ferantwurdzjen wie. Fan alle initiativen is De Leidse Vertaling de bekendste bleaun; nei in protte gedoch ferskynde yn 1899 in nije oersetting fan it âlde testamint; dy fan it nije folge yn 1901.

Alle bibeloersettingen binne it risseltaat fan beslissingen benammen op it nivo fan doelgroep, taal, fan eksegeze en fan téology. De BGT lit dat ek sjen. In fiergeand foarbyld is it begrip barmhertigens. Dat wurdt yn de BGT beneamd mei wurden als leafde, goedens. We sjogge even nei de lofsang fan Maria, Lukas 1. Yn de Lutherbibel stiet dêryn twa kear it wurd barmhertigens. Lykas yn de Fryske bibel fan '78 en yn de NBV. Barmhertigens wurdt yn de BGT (1,50: leafde. De sin: God is barmhertich is in identiteitsútspraak – it wêzen fan God is barmhertigens. It wurdt faken brûkt yn relaasje ta it begrip rjochtfeardigens. God is leafde is ek in identiteitsútspraak, mar it gebrûk en de wurking fan dit begrip binne breder. Fierderop yn Lucas (6, 36) stiet de oprop, yn de '78-oersetting: Wês barmhertich, lyk as jimme Heit dat is. De BGT jout: Wees net als jullie Vader goed voor andere mensen. Barmhertigens wurdt yn de Lofsang fan Maria dus ferfongen troch twa begripen, dy't minder spésifyk binne. Dy soene better te begripen wêze. Mar wat is better, as it earste begip: de barmhertigens, dêrmei ferlern giet?

Tagelyk: wat is de winst as it begrip bestean bliuwt, mar hast net ien mear wit wat dat betsjut?

De problematyk is sa âld as de skiednis fan bibeloersetten. In treflik histoarysk foarbyld fan BGT-achtige teksten en de beswieren dêrtsjin is de saneamde evangeeljeharmony fan Sint Truiden, tretjende ieu. De tekst hat in losse, natuerlike styl en hat tige tagonklik west. Wat opfalt oan de taal fan de evangeeljeharmony is neffens de gelearden de fenomenale taalbehearsking en de prachtige fertelstyl: it libben fan Jezus ienfâldich en begryplik op sa'n wize dat elts dy't de tekst heart, net fernimt dat de tekst in oersetting is. Mar de tagonklikens en begryplikens hawwe ek hjir in priis: de skriuwer is nochal frij omgongen mei de Vulgaat-teksten, de boarne foar de evangeeljeharmony. De skriuwer wit dat en hy freget syn lêzers en harkers yn de Prolooch ferjowing as hy te frij west hat en de tekst geweld oandien hat. Net elts hie dy hâlding dêr't de skriuwer om frege; lettere bewurkingen fan de tekst lykje folle mear op de tekst fan de Vulgaat, as korreksje.

In hiel oar aspekt fan bibeloersetten giet oer it geastlike. Foar de Steatenfoerseters wie it hebrieuske en it gryksk as talen fan de bibel de taal fan de Hillige Geast. In goed ynsjoch yn de betsjutting fan de oarspronklike talen koe de bedoeling fan de Geast helder meitsje. Dêrom waard de kennis fan easterse talen en it Gryks ferplichte by de oplieding fan dûmnys.

Augstinus seit dat men de bibel allinne begripe kinne yn de freze foar God. Luther skriuwt dat nimmen Gods wurd - yn hokker oersetting ek - begripe kin bûten de Hillige Geast om. En om it begrip ûntfange te kinnen, moat de minske dat ferstean sels meimeitsje en ûnderfine. C.C. de Bruin, de auteur fan it standerdwurk 'De Statenvertaling en zijn voorgangers', seit it sa: De kennis van Luther van de grondtekst en zijn beheersing van de landstaal waren de pijlers die overspannen werden door de brug van zijn zielservaring.

By de saneamde 'bevindelijken' 17e, 18e, 19e eeuw, fine we yn it bysûnder opfettingen over de hilligens fan de bibel en oer de kennis fan God. A.A. van Ruler hat der yndringend en gearfetsjend oer skreaun. De vraag spile bij de de bevindelijken of men troch middel fan it wurd trochkringe kin oan 't op de saak, ta God. Van Ruler: Bemiddelen de woorden God, dus doorheen het verbale tot op het reale? Dan heeft men niet alleen het middel, maar in het middel de zaak: God zelf en Jezus Christus *in* het evangelie, zo dat er waarachtige verzelfstandiging, representatie, optreedt. Daarin vallen onze beelden van de zaak, onze concepties weg. We zien dan de dingen zelf, zoals die in zichzelf zijn. Dan gaat het horen over in zien en onze geestelijke kennis bestaat in gewaarwording en aanschouwing.

Dit binne drege wurden, mar dy binne de muoite fan it trochtinken wurdich yn relaasje ta it oersetten fan de bibel. De fragen ferwize nei geestlik tinken, in *mindset*, dat mei beskiedend is foar de teologyske en eksegetyske karren dy't makke wurde.

Noch ien kear Van Ruler. Dy kin helpe om de lêst fan it oersetten net te swier te meitsjen: 'Het uitwendige woord is een gebrekkig middel (in Platoons trekje fan Van Ruler!) om het inwendige woord, de waarheid die in de mens is, over te brengen. De vatbaarheid moet in de hoorders zijn. Maar God kan de zin of de mening mededelen of instorten, waardoor de mens de woorden klaar en zuiver bevat'. Sa seit Van Ruler.

En dan no de YKFE. It is, hoopje ik, bekend dat de YKFE as kommisje fan PKN Fryslân, har dwaande hâldt mei, koart sein, Frysk yn de tsjerke. Ik bin noch mar in pear moanne behelle by de YFE dus ik mei wat sizze oer de kwaliteit fan it wurk fan de ôfroune tiid: it tsjinstboek en fansels it Lieteboek. Ynhâldlik treflik wurk. Wa't de ferhalen heart oer it wurk oan benammen it Lieteboek, skrikt der fan: tûzenen mails oer en wer, soms trije, fjouwer of fiif kear oer ien wurd. Hulde!

Al mear as twa jier tinkt de YKFE nei oer in nij projekt: de bibeloerseting. De '78-oersetting hat noch hyltyd grutte wearde en hat by nochal minsken in grutte betsjutting. Mar tiden feroarje en minsken feroarje. Stadichoan groeide de oertsjoeging dat in nije oersetting wichtich wêze kin, ek foar nije generaasjes lêzers/harkers. In priuwke fan hoe't sa'n oersetting wêze kin, wie it YKFE-boekje ferline jier yn de tiid foar Peaske. Skoalbern yn Burgum, learaar Tjeerd Kooistra en Liuwe Westra hawwe wurk dien dat troch in protte minsken tige op priis steld is.

Sa't jim witte is de foarsitter fan de YKFE opstapt en hat hy de stifting FB21 oprjochte mei as doel in nije Fryske bibeloersetting. De YKFE hat kontakten mei de minsken fan FB21; de relaasje is wat ús oanbelanget, iepen.

De YKFE hat yngeand praat mei it NBG oer in nije Fryske Bibeloersetting en ien fan de mooglikheden is it oersetten fan de Bijbel in Gewone Taal, de BGT. It wurkjen dêroan falt ta yn swierte en yn tiid. De BGT oersette yn it Frysk is spannend, mar minder spannend as wol winslik. De YKFE wol graach dat rounom yn Fryslân minsken dwaande gean mei de oersetting, ynhâldlik en wat it Frysk oan belanget. Oer dat lêste, in maklike: wie Maria swier of yn ferwachting? En oer ynhâldlikens: seit Paulus yn Romeinen **allinne** troch it leauwen of troch it leauwen? En moat de barmhertigens werklik ferdwine út it vokabulaire fan de bibel? Soksoarte fragen binne net oan de oarder as de BGT ferfryske wurdt: de beslissingen binne al nommen. En it NBG hat muoite, sa hat bliken dien, mei it jaan fan romte yn de prinsipes fan de BGT. Op himsels is dat te begripen.

De YKFE is ta de konklúzje kommen dat allinne ferfryskjen fan de BGT net op foarhân de bêste opsje is. De pilot dêr't earder sprake fan wie, giet dêrom net troch. De YKFE wol in jier nimme om yn Fryslân in proses oan te gean oer de fraach: hokker soarte oersetting wurdt it, rjochte op hokker doelgroep en yn hokker Frysk? Yn dat jier moat der in beslút komme: wat dogge we? Moat der in refyzje komme fan de '78, wurdt de NBV de referinsje, komt der in check út de grûntalen wei, of wurdt it dochs de BGT?

It NBG bliuwt yn it kommende jier beskikber foar advys, kennis ensfh. De YKFE hat de ôfroune moannen minsken en ynstânsjes frege om mei te dwaan. En eins elts hat ja sein. Dat jout betrouwen yn de kâns dat it slagget. De YKFE sjocht materiaal ûntstean yn it kommende jier. Proefoersettingen oer, bygelyks, teksten neffens it lêstroaster: wêrom dit wurd en net in oar? Hokker eksegetyske beslissingen wurde nommen en wêrom? Of: wat kin de Akademy foar ús betsjutte mei har oardiel oer wat geef Frysk is. En, noch moaier: kinne we yn Fryslân ferdjippingsmateriaal meitsje, of bestend materiaal brûke bygelyks oer wat barmhertigens is? Hjir lizze prachtige kânsen foar ferdjipping. Foar Alpha-groepen, gemeentejounen en ûnderwiis.

De YKFE sil yn oerlis mei saakkundigen in wurkplan meitsje foar it kommende jier. We roppe de Krúspunt-organisaasjes no al op om mei te dwaan. Jim hearre fan ús en we rekkenje op jimme!

Lútsen Kooistra

21 april 2018

Krúspunt, Akkrum

A.A. Van Ruler: Theologische Werken III

C.C. de Bruin/F.G.M. Broeyer: De Statenbijbel en zijn voorgangers

A.W.G. Jaakke/E.W. Tuinstra: Om een verstaanbare bijbel

M. de Jong: Hoe vertaal je de bijbel in gewone taal?



email [wfbo@yfke.frl](mailto:wfbo@yfke.frl)  
bank NL61 RABO 0344 589 420  
kvk 750 630 50

Bijbel in Gewone Taal (2014)